



Uitreiking kultuerpriis oan Johannes Bosgra.

FERBYLDINGSKRÊFT

Op sneon 19 septimber mocht ik de kultuerpriis 2020 fan de gemeente Tytsjerksteradiel útrikke oan Johannes Bosgra út Hurdegaryp. Prachtich wurk dat betsjocht. Hy is by steat mei syn fotografy, dat wat wy alle dagen om ús hinne sjogge sa fêst te lizzen dat it nij is, dat wy it yn in oar deiljocht sjogge, in nij perspektyf. Bylden fan in wrâld fan hoe't it is of miskien wêze kin as't der mei oare eagen nei sjochst.

Dêrby moat ik tinke oan de songtekst 'Morgen begin ik meteen' fan Huub van der Lubbe.

Ik neem een paar andere ogen

Blauw en niet meer zo zwart

Want het is niet wat het lijkt

Maar hoe je het bekijkt

Dus ik krijg ook een heel ander hart

Mei de korona dy't wer oplôget, effekten fan de feroaring fan it klimaat dat rûnom de kop opstekt, ferkiezingen yn Amearika dy't it ûnfermogen fan in demokratysk bestel bleat lizze, der bard nochal wat om ús hinne. Dat hat ynfloed op hoe't we de wrâld ûndergean. It liket wol as kinne we minder fan elkoar ha. Hoe mear ûnrêst oan de bûtenkant, wat mear kontrole we oer de saken ha wolle wêr't we noch wol ynfloed op ha, of tinke te hawwen. Dy ûnrêst sjoch ik rûnom om my hinne. De aksje-reaksje refleks is grut yn ús maatskippij hjoeddedei en soarget foar in protte rûs. Dêr wurde we mei ús allen noch ûnrêsticher fan, wat noch earder de aksje-reaksje knop aktivearret, ha ik it idee.

Ik winskje ús allegearre ta dat we dizze negative spiraal witte te trochbrekken. Dat we mei oare eagen doare te sjen, minder swart, mooglik krije we dan ek wer in oare toan, in oar hert te pakken.

Wethâlder Tytsy Willemsma